

In aaisikersklup

It tilde op fan de aaisikersklups dêr yn 't wetterlân. Benammen yn Grou wie it sa dat der om de twa jier wer in lichtung jonges wie dy't fan skoalle kaam en in nije aaisikersklup oprjochte.

De âldste Grouster aaisikersklups binne oprjochte yn de jierren 1902 oant 1910. By dy, mar ek by oare aaisikersklups, wie it oant sawat 1950 wizânsje en sykje opslach. Dat wie in manier fan sykjen wêrby't men neist elkoar rûn, in meter as acht útelkoar en yn ien liny. Sa rûn men dan, de hiele klup, soms wol in tweintich man, yn ien liny it lân del. De pols mei en dan it leafst yn de wide bûtlannen fan it Wynlân, de Hegewarren of de blaugerzen efter Terkaple/Eagmaryp.

Der wiene fansels ek ôfspraken en inkele klups hiene dy fêstlein yn regleminten.

By ien fan dy Grouster klups wie yn it reglemint opnommen dat gjinien de liny ferlitte mocht sûnder tastimming fan de foarsitter.

De foarsitter rûn altyd oan de rjochter kant mei neist him de administrateur. Dy man socht sels net, mar moast rindeweï alle oantekeningen meitsje dy't him troch de foarsitter opdroegen waarden. Bygelyks Klaas, dy't yn 'e midden rûn, fûn trije skriesaaïen. Dy sei tsjin syn buorman : 'Klaas trije skries trochjaan'. Dy joech it berjocht wer troch oan syn buorman en sa kaam it by de foarsitter, dy't dan op syn horloazje seach en sei: 'notearje 8.48 Klaas trije skries'.

Sa wiene der eins altyd boadskippen. Ealze rûn op ien nei bûtenst op de linker kant. Hy hie it al in skoftsje oankommen field mar krige no dochs wol yn de gaten 'ik helje de ein net!' It waard no dochs echt wol heech tiid en dêrom joech er troch: 'Berjocht oan de foarsitter, Ealze freget tastimming de liny te ferlitten, hy moat efkes út de broek'. Doe't dôve Sjouke (Sjouke kwartel) it berjocht hearde en trochjoech wie it: 'Ealze hat in snoek en wol liny ferlitte'. En doe't it oan de foarsitter ta wie krige dy as berjocht: 'Ealze hat in grouwe snoek, wol liny ferlitte om noch ien te fangen'. Foarsitter sei: 'Notearje 9.32, Ealze in grouwe snoek'. Berjocht oan Ealze: 'Snoek meinimme, liny net ferlitte'.

Doe't it berjocht wer oan Ealze ta wie, krige er te hearren: 'Snoek meinimme, liny net ferlitte en net seure!'.

En sa kaam it dat Ealze dy loop de ein net skjin helle.